

Ljouwerter Kulturele Haadstêd-fontein is gjin keunst mar kopy

Ljouwert Kulturele Haadstêd ferkeapet syn alve fonteinen oan it publyk as keunst. Jaume Plensa wurdt konsekwint in keunstner neamd, syn ûntwerp in keunstwurk. Mar simpel ynternetsykjen lit sjen dat syn hast identike reuseftige hollen oeral op de wrâld werom te finen binne.

Opiny

Friduwih Riemersma

Hoe't jo keunst ek definiëarje, sûnt Duchamp yn 1914 in flesserak as keunstwurk delsette binne wy it aardich iens oer de wichtichste karakteristyk. Keunstwurken binne gjin ûntwerpen dêr't in ûneinich tal ôfrinten fan binne.

Oarsom is mar ien keunstwurk de belicheming fan syn ûntwerp; as keunstwurken net unyk binne, hâlde se op keunst te wêzen. Om trije redenen is it ûnderskied tusken keunst en reproduksje wichtich: earlikheid, it beskermjen fan orizjinele keunst, en om't mei de betizing fan keunst en kopy substansjele jildsommen mank geane. De stichting Kulturele Haadstêd hat it konsekwint oer de alve fonteinen as keunstwurken. In flugge blik op 2018.nl jout: 11Fountains:

Een 'beeldendkunstproject' en 'Fonteinkunstwerk' en 'wordt een nieuwe kunstenaar gezocht' en *their artist* en *the artists* en 'elk een eigen unieke fontein' en 'kunstenaar Jaume Plensa'. Mar de fontein dy't Jaume Plensa yn Ljouwert delsette wol, is gjin keunstwurk.

Piter Jelles

Plensa hat in yndrukwekkende rige oerheidsprizen wûn as public space designer. It ûntwerpen fan de iepenbiere romte is al desennia lang in tige algemien, sterk ynstitusjonalisearre ûndernimmen, mei foar-en tsjinstanners. Dat de skepsis benammen by de keunstners wei komt hoecht jin net te fernuverjen. Net allinne giet it hiel faak mis as der keunst yn de iepenbiere romte komme moat. Bygelyks is it stân-

byld fan Piter Jelles pynlik min pleatst. Ek hat keunst net in opdracht as dekoraasje fan in 'ûntwurpen' iepenbiere romte. Keunst is op it foarste plak gjin faas mei blommen, en twad, freget dy romte wol om ûntwerp of keunst? Wa freget dêr eigentlik om?

Rudi Wester, de doetiidske artistyk direkteur fan Ljouwert Kulturele Haadstêd, frege derom. It doel fan de fonteinen is itselde as it Kulturele Haadstêddoel: besikers lûke. De iepenbiere romte moat ûntwurpen wurde op it oanlûken fan konsuminten. De seleksjeproseduere en -kritearia fan de fonteinûntwerpers binne net iepenbier makke, mar Anna Tilroe, de lieder fan it fonteinprojekt en dejinge dy't nei eigen sizzen de ûntwerpers „strûpt“, sil Plensa selektearre ha om syn by oerheden erkende status.

Neat frege

Dat „een fontein er pas [komt] als de mienskip het wil“, sa't Tilroe yn de *Leeuwarder Courant* seit, is inkeld it rjocht op protest, dat retoarysk delbêde wurde sil, want, sei deselde krante, „met een fontein minder kan Tilroe niet toe.“ Oan de bewenners, de brûkers fan de iepenbiere romte, is foarôf neat frege. Oan harren is krekt efterôf it ûntwerp presintearre. As keunst.

De bewenners dy't it ynternet rieplachte hawwe, witte wol better. Simpel sykjen op 'Plensa heads' smyt in skerm op fol identike, reuseftige hollen tsjin wikseljende eftergrûnen. De sinjatuer fan Plensa is sa stylfêst dat it oan in logo tinken docht. De hollen komme yn de kleuren wyt, swart en transparant en de hichte giet fan trijenheale oant tolve meter. Hieltyd giet it om jongefamkeshollen, sa't Plensa seit: fan it momint dat de famkes gjin



Fan loftsoppe mei de klok mei: *Love*, it ûntwerp foar Ljouwert; *Sanna* yn Bordeaux (Frankryk); *Awilda* yn Rio de Janeiro (Brazilië) en *Duna* yn Rotterdam. Foto's: FD en ANP

bern mear binne, mar ek noch gjin frou. Under oaren yn Chicago die bliken dat it publyk de hollen lang net altyd aardich fynt. Faak fynt men der neat oan, geregeld wurde se 'creepy' fûn. Mar it punt is, as nei *Duna*, *Chloe*, *Paula*, *Laura*, *Inez*, *Dream*, *Echo*, *Nuria*, *Irma*, *Humming* en hoe't de oer de wrâld fersprate fammen ek mar hjitte. Ljouwert sa'n selde famkesholle krijt, dan is dat gjin keunst.

Diskutabel

Iepenbiere opdrachten binne djoer, mar oft foar Plensa's hollen, dy't fan 'e rinnende bân lykje te rôljen, betelle wurde moat as soe it gean

Simpel sykjen op 'Plensa heads' smyt in skerm op fol identike, reuseftige hollen

om in orizjineel keunstwurk, dat is diskutabel. Oft Ljouwert syn keunst net better beskermje kin troch ûnderskied te meitsjen tusken keunst en toeristelokker is in weardefol ûnderwerp foar iepenbier debat. It liket derop dat de Kulturele Haadstêdorganisaasje dy diskusjes út de wei gien is troch Plensa's fontein mar keunst te neamen. Dêr hoege wy yn alle gefallen net oer te praten: dat is er net.

Friduwih Riemersma studearre oan de Rietveldakademy, hat as byldhouwer guon skulptueren yn de iepenbiere romte pleatst, is no skriuwer en redaksjelid fan *Fers2*